

út de Smidte

Op
aventoer
yn tsien
talen

“

ynhâld

04

Akademydei

Syds Wiersma en
Piter Tjeerdsma
beneamd ta lid!



08

Koart nijs

10

In game as ferbining

Hoe wurdt in
kompjûterspul
makke?



12

**Takomstplannen
citizen science**

Elkenien kin bydrage
oan wittenskip

13

In literêre freonskip

Nij boek fan
Alderik Blom



14

**Wat lit de
taalsurvey sjen?**

En wat lit de
taalsurvey nêst sjen?



16

**Wêr bliuwe
de froulju?**


Ynterviewbondel fan
Janneke Spoelstra



17

Frisia yn kaart

It nije GIS-portaal
komt deroan!



18

**Passy foar
archeology**

"In fynst is bysûnder
om't der in ferhaal
by heart."



19

**Winterske
boeketips**

Kollega Femke iepene
har eigen boekwinkel




20

Goeie!

Yn 'e kunde komme
mei nije kollega's

22

Weromsjen



26

**Personalia en
publikaasjes**

27

**Wittenskiplik
buorrelpraat**

Midsiuwske munt
ferlern by de biertaap



28

Aginda

Wolle jo ek op 'e hichte
bliuwe fan it lêste nijs oer
de ûndersyksprojekten fan
de meiwurkers fan de Fryske
Akademy en it Mercator
Europeesk Kennissintrum foar
Meartaligens en Taallearen? De
moanlikse nijsbrieven binne
fergees.



Lid wurde fan in wurkferbân?

Elkenien dy't stiper is fan de Fryske
Akademy kin fergees lid wurde
fan in wurkferbân. Dat binne platfoarms foar
boargerrittenskip en moetingssplakken foar minsken
mei in dield ynteresse of passy op it mêd fan bgl.
stambeamûndersyk, lânbou, archeology of maritime
skiednis fan Fryslân. Leden fan wurkferbânnen krije
útnûgings foar gearkomsten, lêzings en ekskurzjes.
Oanmelde foar in wurkferbân kin fia e-mail:

wurkmienskip@fryske-akademy.nl



foaropwurd

Koartlyn waard ús Taalsurvey-ûndersyk, yn gearwurking mei Planbureau Fryslân, breed útljochte yn de Fryske media. It ûndersyk wiisde út, dat jonge âlden faker Frysk prate mei harren bern as de eardere generaasjes, en dat it tal minsken dat sawol Frysk as Nederlânsk prate kin tanimt. Njoggen op de tsien ynwenners ferstean it Frysk goed, hast twatredde praat it, en mear as de helte kin it lêze. Konklúzje: de taal bliuwt stevich ferankere yn de Fryske mienskip.

Prof.dr. Nelleke IJssennagger-
van der Pluijm, FSA
Direkteur-bestjoerder



Soks sjogge we yn it lyts ek yn de Fryske Akademy-wurkmienskip. By ús op de wurkflier nimt de meartaligens ta. Oan it Frysk en it Nederlânsk wurde regelmjittich nije talen taheakke, en dat betsjut dat de oandacht foar ús ûndersykstema's ek bûten Fryslân groeit. Taal, kultuer en skiednis binne wichtige middels yn it sykjen nei ferbining, en wat is der moaier as dat ús ûndersyk as brêge fungearret?

It slút dan ek moai oan dat it tema fan ús suksesfolle Conference on Frisian Humanities wie: *Bridges and Boundaries - Fryslân in a Global Context*. Under dat tema kamen sprekkers út de hiele wrâld nei Ljouwert ta om harren ûndersyk mei elkenien te dielen. Mei ús partners NHL Stenden, Ryksuniversiteit Grins, Campus Fryslân, Christian-Albrechts-Universität Kiel, Europa-Universität Flensburg, it Nordfriisk Instituut en de Ostfriesische Landschaft genietsje we noch nei! Wat in enerzjy, wat in

mienskiplikheid en wat in soad oan kennis.

Dizze twa foarbylden ha mienskiplik dat se draaie om gearwurking, profilearring en impact. Dat is dêr't we op ynsette. Oare foarbylden fan projekten dêr't dizze eleminten sintraal yn steane, binne it grutte Interreg-projekt rûnom de iermidsiuwske kening Redbad en it projekt Read with MEE fan ús Mercator Kennisintrum, dat mei Europeeske partners sjocht nei de impact fan it lêzen mei bern. Lês hjir op siden 10-11. Der falt noch folle mear te fertellen oer projekten, nije kollega's en aktiviteiten, en dat lêze jo yn dizze Ut de Smidte.

Mei wat de kollega's dit jier delset hawwe, kin ik net oars as konkludere dat we goed op wei binne mei it berikken fan ús doel: dat oer in pear jier minsken har net mear ôffreegje wat de Fryske Akademy docht, mar hoe't se derby belutsen wêze kinne.

No't de ein fan dit jier yn sicht is, nim ik de tiid om stil te stean by hoe't wy ús as organisaasje ferhâlde ta de minsklike en natuerlike útdagings dêr't de wrâld op dit stuit foar stiet. As Fryske Akademy kinne we dizze problemen net oplosse, mar we kinne ús wol foarnimme om - dêr't we dat kinne - in positive bydrage te leverjen. Troch gearwurking, troch taal en wittenskip as brêge te benaderjen of ús foarrjochtsposysjes te dielen mei elts dy't dêr foardiel fan hawwe kin; litte we ús dêr mei-inoar foar ynsette en sa impact meitsje.

Graach oant sjen op de nijjiersgearnkomst! ●

kolofon

Ut de Smidte

Blêd foar leden en stipers fan de Fryske Akademy.

Stipersbydrage

De stipersbydrage foar 2026 is op syn minst € 25,-, foar stipers yn it bûtenlân is de bydrage €35,-. It opsizzen fan it stiperskip moat foar 1 desimber 2026 skriftlik trochdien wurde oan de stipersadministraasje fan de Fryske Akademy. Stipers kinne fergees lid wurde fan de wurkferbannen.

Redaksje

Inge Heslinga, Froukje Sijtsma, Jantine van der West.

Meiwurkers oan dit nûmer

Nicole van den Berg, Alderik

Blom, Mieke Breij, Suzanne Dekker, Johan Feikens, Gosse Hovinga, Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, Martine Jansen, Gosse van der Plaats, Femke Sijens, Janneke Spoelstra, Nika Stefan, Liuwe Westra.

Kopij

Kopij kin oer de mail stjoerd wurde oan redaksje@fryske-akademy.nl.

Foto foarside

Read With MEE. Copyright (mei tastimming): 8D | Research + Design = Impact

Fotografy/Byld

8D | Research + Design = Impact, Aad van Altena, Marieke Balk Fotografie, Johan Feikens, Eke Folkerts, Wiepkje Hagen, Inge Heslinga, Pexels

Pixabay, Rijksmuseum, Ydwine R. Scarse, Tresoor, Jantine van der West, Henk Wolf.

Foarmjouwing, opmaak en print
GPN, De Jouwer

Besikersadres
Doelestrjitte 8
8911 DX Ljouwert
Postadres
Postbus 54
8900 AB Ljouwert

☎ Tel.: (058) 213 14 14

✉ fa@fryske-akademy.nl

🏠 fryske-akademy.nl

📷 [FryskeAkademy](https://www.fryskeakademy.nl)

🏢 [company/fryske-akademy](https://www.fryskeakademy.nl)

📱 [FryskeAkademy](https://www.fryskeakademy.nl)

Rekkennûmers

NL30RABO0130549681
NL32INGB0000923369

Kontaktpersoanen

Direkteur-bestjoerder

Prof. dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, FSA

Ried fan Tafersjoch

Seerp Y. Leistra, foarsitter

Heechleararen

Universiteit van Amsterdam
Prof. dr. Arjen Versloot

Universiteit Utrecht:

Prof. dr. Hans Van de Velde

Rijksuniversiteit Groningen:

Prof. dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm

Akadeemydei 2025

Foto's: Marieke Balk Fotografie

De 87e Akadeemydei, dit jier yn BOEL yn Ljouwert, waard iepene troch Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akadeemy. Ferfolgens joegen ferskillende meiwurkers presintaasjes. Jantine van der West fertelde oer 'Citizen science en de wurkmienskip fan de Fryske Akadeemy', Martine Jansen joech in presintaasje oer it ynternasjonale projekt 'Read with Multilingual Early Education', en promovendus Martijn Kingma hie in lytse kwis oer Fryske aksinten.

Tuskentroch waarden mini-kolleezjes op fideo fertoand mei Han Nijdam ('Wat wie de rol fan de frou yn it Aldfryske rjocht?'), Anne Merkuur ('Feroaret it Frysk stadichoan yn it Nederlânsk?'), en Nelleke IJssennagger-van der Pluijm ('Sprutsen de Fikingen ek Frysk?'). Tradisjoneel waarden ek nije Akadeemyliden beneamd. Liuwe Westra spruts laudaasjes út foar Syds Wiersma en Piter Tjeerdsma.



reportaazje



Syds Wiersma

Liuwe Westra

Syds Wiersma liet yn Fryslân foar it earst iepentlik fan him hearre mei de bondel *Alles wat ik net betinke woe*, yn 1992. Dêryn stiet it fraaie fers mei de titel 'Frijút', dat sa beslút:

De silo's op de kimen toane dat
al wat ik wol ek te berikken is.
De ljippen roppe: *The sky is the limit*.

Wat se yn 'e loft ek sizze wolle, 'k nim it
graach oan, mar sjoch myn lege hân en sis
my wat ik ûnder parreblossens moat.

Wilens hat Wiersma him ûntjûn as mear
as inkeld in dichter. De silo's op 'e kimen
kinne wy hjirwei net sjen, mar ien fan 'e
grutste en meast skoandere silo's hjiranne
is fansels dy fan Tresoar, mei ûnder oaren
in spesjaal ûnderkommen foar it Fries Film
& Audio Archief, dat net it skreaune wurd
en de statyske side, mar it bewegend byld,
leafst mei lûd, op 'e noed hat. Sok materiaal
leit gauris yn kasten en kelders, faken fergetten,
bytiden mar in stap fan 'e dwinger en dêrmei
fan 'e ûndergong. Syds Wiersma is net allinnich
in skatgraver yn 'e taal, mar ek yn 'e fysike romte dêr't
noch gâns pearles ferstoppe lizze. Dy wit er op te dûken
en hy dielt syn fynsten graach mei ús allegearre. Wy
hawwe der mei-inoar kostlike bylden oan te tankjen.

Mar wurkjendewei yn syn silo's is de dichter de wide
loften net fergetten. De ljippen roppe, mar Syds Wiersma
lit ek fan him hearre. Yn it jier dat wy mei-inoar de loft
oan gatten sprongen as kulturele haadstêdelingen fan
Europa, murk hy op dat de dichters dêryn suver noch
minder te hearren wiene as ljurken en oare greidefûgels,
en dat wol wat sizze. Sa kaam hy ta it oprjochtsjen fan it
dichterskollektyf Rixt, dat wilens mear as 50 jongere en
âldere dichters yn syn rigen hat en fan doel is de Fryske
poëzij net allinnich yn Europa, mar wrâldwiid in goed
beljochte en goed besocht poadium te bieden.

Dêrby giet it him net allinnich om bekendheid, mar ek om
oerdracht: betûfte poëten helpe begjinnende skriuwers
op 'e glee, en dat is goed te sjen op 'e webside fan it
kollektyf. It is ek in foarm fan mienskip, en ien dêr't
wy yn Fryslân as 't treft wol mear ferlet fan hawwe:
moetingsplakken dêr't kennis en feardichheden
útwiksele wurde dêr't men oars as priveepersoan soms
lang om sykje kin, omdat it wenstige ûnderwiis dêr net

yn foarsjocht. Faaks krije wy nei de folkshegeskoalle yn
Fryslân ek wer de ambachtskoalle werom?

Njonken syn wurk by it Fries Film & Audio Archief, dat
ús ûnder oare bylden brocht hat fan 'e earste froulike
Alvestêderider yn 'e hel fan 1963, en syn bydrage
ta de dichtskeunst yn Fryslân is Syds Wiersma ek in
betûft wittenskipper, promovearre op 'e midsiuwske
Katalaanske teolooch Ramon Martí. De Katalaanske link
jout er ek as literator syn gerak troch it oersetten fan
it wurk fan dichters út Kataloanje. Fan 'e weromstuit
wurdt no ek it wurk fan Syds Wiersma yn it Katalaansk
oersetten. Alles mei alles is hy dus in wittenskipper yn 'e
bêste tradysje fan 'e Fryske Akademy, dy't drege Fryske
boarnestúdzje kombinearret mei ynspiraasje oer de
grinzen hinne, benammen op oare plakken dêr't guon
fan Europa's minder machtige talen praat wurde.

Om al dy dingen wurdt Syds Wiersma dan ek beneamd ta
lid fan 'e Fryske Akademy.



Piter Tjeerdsma

Liuwe Westra

Piter Tjeerdsma is programmamakker by Omrop Fryslân, mar syn programma's rikke folle fierder as de grinzen fan ús provinsje. Benammen mei syn skitterjende rige dokumintêres FryslânDOK hat er namme makke yn 'e wrâld fan 'e media, en wat dat oanbelanget Fryslân op in kaart set dêr't it noarden fan Nederlân earder noch in fierhinne wyt en leech gebiet like te wêzen. Tanksij Piter Tjeerdsma witte wy net allinnich better, mar ek de minsken bûten Fryslân. Dat is net de fertsjinst fan ien fertúnlike tafaller of in kear it gelok hawwe op it goeie stuit op it goeie plak te stean, nee, it giet hjir om 40 jier konsistint leverjen fan kwaliteit. En dat fertsjinnet erkenning.

Dy erkenning bliuwt ek net út. Ien fan Piter Tjeerdsma syn ferneamdste programma's is de útstjoering oer de ferneamde Hearrenfeanster Louis le Roy, bekend fan syn ekokatedraalprojekt. Dat projekt is sûnt koart kânshawwer foar de status fan ryksmonumint, en elk dy't wolris besocht hat om in gebou of keunstwurk dêrop te krijen, wit dat dat net tafalt. Minsken fine monuminten moai, as it mar net mear wurde. Mar it wurk fan Le Roy hat yn Piter Tjeerdsma blykber sa'n bêste ambassadeur fûn, dat sels de Rykstsjust derfoar omlizzen gien is. Chapeau, sizze wy dan!

It tal ûnderwerpen dat Piter Tjeerdsma yn 40 jier FryslânDOK oansnien en útdjippe hat, is sawat ûneinich. Maatskiplike tema's lykas it boerebestean yn in tiid fan miljeu en klimaat, Sinteklaas en Swarte Pyt yn har eilanner

ferskiningsfoarmen, en net te ferjitten leechsteande tsjerken binne foarbykommen, mar ek tal fan keunstners, sportminskers en hobbyisten, politisy en wrâldferbetterders hat hy foar it fuotljocht brocht. En dat de iene wike nei de oare, sûnder dat it de sjoggers in tel ferfeelde. Op 'en nij: chapeau!

Yn ien fan 'e útstjoerings, *Wisdom of the Crowd* diel 7, wurdt yn 'e yntro sein: 'As jo betrouwen hawwe yn 'e mienskip, ûntstiet der in nije dynamyk.' Dat wurdt dan spannend ferbûn mei earst de betinking fan 'e Slach by Warns, en dêrnei de opstân fan 'e Fryske boeren tsjin, ik sitearje 'al te rimpen opstelde stikstofregels'. Wat de doetiidske deputearre ta de útspraak bringt: 'Wy kinne it allinnich mar oplosse, as wy it mei-inoar oplosse.' Rûnom applaus.

It giet fansels net om dat applaus. Mar Piter Tjeerdsma moat sels wol in grut betrouwen yn 'e mienskip hawwe, dat er dy altiten wer befreget en ûndersiket, en de útkomsten doart sjen te litten oan dyselde mienskip en in grutte rûnte dêromhinne. Wat dat oanbelanget liket syn krewearjen op dat fan 'e wittenskipper. Altiten mar wer giet men nei jins boarnen werom, sûnder yn it foar te witten wat men opdûke sil. Mar de basis fan alle ûndersyk is betrouwen: betrouwen yn 'e mienskip, ek betrouwen yn it eigen kinnen, en as it derop oankomt betrouwen dat jins krewearjen bydraacht oan better begripen.

Dat sadwaande is it net allinnich chapeau en applaus, mar wurdt Piter Tjeerdsma beneamd ta lid fan 'e Fryske Akademy. ●



Konvenant ↓

Ryk, Provinsje Fryslân en Ryksuniversiteit Grins hawwe in konvenant ûndertekene foar in nij bachelorprogramma Fryske taal en kultuer oan de Faculteit der Letteren. It konvenant makket it mooglik om fan septimber 2026 ôf in folweardich bachelorprogramma Fryske taal en kultuer te folgjen. Nelleke Ijssennagger van der Pluijm fan de Fryske Akademy waard útnûge om by de ûndertekening fan it konvenant in reaksje te jaan. Hja beklamme dêryn dat de Fryske Akademy fan spesjalisistyske kennis út ferhalen fertelle wol dêr't taal, kultuer, skiednis, lânskip, erfgoed en identiteit mei elkoar gearhingje. "Dit is ek krekt hoe't wy de takomst fan de Frisistyk én ûnderwiis sjogge, en dat tsjinnit sawol in fûneminteel akademysk as in direkte maatskiplik belang. (...) Ik hoopje dat (...) de takomst boppe-al leit yn de gearwurking tusken ynstututen en yn de ferbining tusken ûndersyk en ûnderwiis." ●



Digitale Biltske stim

Campus Fryslân en de Universiteit fan Helsinki hawwe yn Ljouwert de Speech Synthesis Workshop (SSW) organisearre. Ien dei stie yn it teken fan de ûntwikkeling fan de earste digitale Biltske stim en waard mei organisearre troch ús Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen. Sân teams út lannen lykas Sina, Frankryk en Kanada giene oan de slach mei mar 7 oeren oan Biltsk stimmemateriaal. Gewoanwei wurdt wurke mei 1000 oeren oan fragminten, dus dit wie in flinke útdaging. De resultaten waarden posityf beoardiele troch echte Biltskers en sil hooplik trochûntwikkele wurde. In digitale stim kin bydrage oan it behâld fan in taal, mar kin ek brûkt wurde yn kommersjele of medyske tapassings, bygelyks foar in kompjûterstim foar wa't sels net mear prate kin. ●

PLURILINGMEDIA AI-kommisje


Dr. Jelske Dijkstra hat de lieding krigen oer de ad-hoc AI-kommisje fan it Europeeske ynterdissiplinêre ûndersyksnetwurk Language Plurality In Europe's Changing Media Sphere (PLURILINGMEDIA). Dizze kommisse sil de kommende tiid de rol fan keunstmjittige yntelliginsje ûndersykje op it mêd fan mediakonsumpsje, wetjouwing, taalfitaliteit en sjoernalistyk, en dêrnei oanbefellingen formulearje. ●

Ried fan Tafersjoch

Fan 1 jannewaris 2026 ôf sil Wim Kleinhuis de rol fan foarsitter fan de Ried fan Tafersjoch fan de Fryske Akademy op him nimme. Hy ferfangt dêrmei Seerp Y. Leistra, dy't nei twa bestjoersterminen fan yn totaal acht jier ôfskie nimme moat. ●

Taalsurvey 2025 ↓

Ut de nijste taalsurvey docht bliken dat de taal stevich ferankere bliuwt yn de Fryske mienskip. Njoggen op de tsien ynweners ferstean Frysk goed, hast twatredde praat it, en mear as de helte kin it lêze. It skriuwen bliuwt lykwols in útdaging: mar ien op de fiif jout oan dat goed te kinnen. Dêrmei is it byld fan de Fryske taal opmerklik stabyl en wurdt it gongbere idee dat it Frysk efterútgiert tsjinsprutsen. Dat docht bliken út in mienskiplik ûndersyk fan de Fryske Akademy en Planbureau Fryslân. Mear hjirroer op bls. 14-15. ●



Non-binêre foarnamwurden ↑

De Fryske Akademy docht al sûnt 1938 ûndersyk nei de Fryske taal. Us wittenskippers sjogge nei hoe't de taal yn de rin fan de iuwen feroare is yn in hieltyd gruttere meartalige kontekst, en ûndersykje ek hoe't dy taal op dit stuit oan it feroarjen is yn lytsere mienskippen. Al meardere kearen hat de Fryske Akademy de fraach krigen oft der ek Fryske non-binêre foarnamwurden besteane. Taalûndersikers fan de Fryske Akademy en de Universiteit Utrecht binne dêrom no, yn oparbeidzjen mei Regenboogalliantie Fryslân en COC Friesland, úteinset mei in taalkundich ûndersyk yn de foarm fan in enkête om te sjen wat der yn Fryslân bart op dit mêd. Earder is der al ris in ynventarisasje dien fan de foarmen dy't yn it Frysk op skrift brûkt binne sûnt 2015. ●





Fryske Akademy Skripsjepriis ↑

De Fryske Akademy hat in twajierlikse priis foar it bêste skripsjeûndersyk op it mêd fan 'e Fryske taal en kultuer. Masterstudinten kinne oant 1 juny 2026 in skripsje ynstjoere foar de Fryske Akademy Skripsjepriis en dêrmei €1000,- fertsjinje. It ûnderwerp moat betrekking hawwe op de Fryske taal- en letterkunde, Fryske skiednis of Fryske sosjale wittenskippen. De skripsje moat skreaun wêze (en goedkard troch de oplieding) tusken 1 juny 2024 en 1 juny 2026. Wy ûntfange graach in digitaal eksimplaar (pdf) op skripsjepriis@fryske-akademy.nl. Yn 2024 gie de skripsjepriis nei Sannah Debreczeni en wie der in earfolle fermelding foar Herman van Vliet. ●

Oraasje IJssennagger-van der Pluijm

Prof. dr. N.L. (Nelleke) IJssennagger-van der Pluijm, beneamd ta heechlearaar oan de Fakulteit der Letteren mei de learopdracht Kultuerskiednis fan it súdlike Noardseegebiet yn de iere midsiuwen en Wytsingtiid, sil op freed 6 febrewaris 2026 om 16:15 oere har oraasje hâlde oan de Ryksuniversiteit Grins. De oraasje sil live útstjoerd wurde fia de website fan de universiteit, op rug.nl/oraties. ●

Takomstige âlden en it Frysk


Nederlânsk, Frysk of in oare taal: hokker taal of talen wolle takomstige âlders yn Fryslân mei harren bern prate? En hokker faktoaren bepale dy taalkar? Foar ûndersyk nei taaloerdracht yn 'e opfieding wurkje de Afûk, it Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen (Fryske Akademy) en it European Centre for Minority Issues in Flensburg gear yn it projekt 'De Fryske taaloerdracht tusken generaasjes'. Mei in ûndersykssubsydje fan de Provinsje Fryslân wolle hja mear te witten komme oer hoe't âlden it bêste stipe wurde kinne yn alle fazen fan in meartalige opfieding. ●

Siuwsk ringwalboarch

De ringwalboarch yn Burgh-Haamstede is de bêst bewarre fan fiif midsiuwske boargen yn Seelân. Foar in werynrjochting fan it gebiet rûnom de ringwalboarch yn 2026 en 2027 hat de gemeente Schouwen-Duiveland de help fan de Ryksuniversiteit Grins en de Fryske Akademy ynroppen. Mei in tritichtal eksperts fan oer de hiele wrâld kamen hja resintlik gear yn it Siuwsk doarp om antwurden te finen op fragen oer it hoe en wêrom, en oer de rol fan Wytsingen by dizzen boargen. ●

It Genealogysk Jierboek 2025 yn in nij jaske ↓

Alle jierren publisearret de Fryske Akademy it Genealogysk Jierboek, dat ûnder redaksje stiet fan leden fan it Genealogysk Wurkferbân. It jierboek befettet genealogyske bydragen, lykas kertierstaten, parentelen en oare rekonstruksjes fan famyljerelaasjes út eardere tiden en in oersjoch fan wapenregistraasjes troch de Fryske Rie foar Heraldyk. Yn 2026 ferskynt it 75e Genealogysk Jierboek: in bysûnder jubileum en reden foar in feestlike presintaasje én in nij ûntwerp. De ôfrûne tiid hat it bestjoer fan it Genealogysk Wurkferbân en de redaksje fan it Jierboek drok dwaande west mei sawol de ynhâld as it úterlik fan de edysje fan 2025. De presintaasje fan it fernijde jierboek is op 4 april 2026 yn Tresoar. ●



Geestig

Han Nijdam en Ewoud van Aalst hawwe mei Aldfryske tsjoendersspreuken in bydrage levere oan de *spooky comedy* 'Geestig', regisearre troch Ivo van Aart. Hoe't dat krekt sit, fertelle we yn de folgjende Ut de Smidte. 'Geestig' wurdt ûntwikkele yn it ramt fan Telefilm 2025 en is in mienskiplike produksje mei omrop KRO-NCRV. De film wurdt begjin 2026 ferwachte. ●

In game as momint fan ferbining

Inge Heslinga

Skets en animaasjes: © 8D / Research + Design = Impact.

Op de Akademydei fertelde Martine Jansen fan ús Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen mei grutskens oer har ynternasjonale projekt Read with Multilingual Early Education (Read with MEE). By dat projekt wurkje seis partners út Nederlân, België, Ierlân en Spanje oan materiaal om de lêseferdigens fan jonge meartalige bern (2-6 jier) te befoarderjen. Ien fan de helpmiddels dy't se meitsje is in kompjûtergame. De redaksje fan Ut de Smidte wie einliks wol benijd nei hoe't sa'n spul ta stân komt. En wa kin dat better útlizze as de minsken dy't de games sels meitsje?


Nicole van den Berg en Stephan Burghout wurkje by Read with MEE-projektpartner 8D yn Ljouwert, in bedriuw dat yn 2014 úteinset is as gamestudio foar *serious games*. Dat binne spullen dêr'tst boartsjendewiis mei leare kinst of dy't minsken stimulearje om sûn gedrach fol te hâlden. "Om sa'n spul goed wurkje te litten, moast begripe hoe't minsken tinke en dogge. Dêrtroch hawwe wy fan it begjin ôf in soad gearwurke mei ûndersikers", leit Nicole van den Berg út. As skiedkundige en kommunikaasjestrategie is it har taak by 8D om ferhalen werom te bringen nei de essinsje. "Tsjintwurdich neame we ússels leaver in ûntwerpburro foar ûndersikers as in gamestudio", seit Van den Berg. Yn de rin fan de jierren murken se by 8D nammentlik dat harren wize fan wurkjen, dus it hieltyd wer praktyske fragen stellen oer doel, gebrûk en effekt, de ûndersikers helpt om harren kennis de wrâld yn te bringen. "Troch yn 'e mande mei ûndersikers en brûkers de ideeën te betinken en te testen, wurkje wy dus oan in foarm fan tapast ûndersyk, yn stee fan dat wy allinnich in opdracht útfiere."

Oeral werkenber

Sûnt 2023 is 8D belutsen by it Erasmus+-projekt Read with MEE, dêr't it Mercator Europeesk Kennissintrum de kar fan lûkt. Foar 8D is dit net de earste ynternasjonale gearwurking. "We hawwe wolris as ûntwikkelder binnen Europeeske projekten wurke, mar murken dat der yn de oanfraach dan faak al presys stie wat der oplevere wurde moast. Bygelyks in Virtual Reality-ûnderfining. En dan tochten wy: prima, dat kinne wy meitsje, mar moatte wy net earst útsykje oft de doelgroep dat wol? Allinne dy romte wie der dan al

net mear."

Troch yn in ier stadium mei te tinken, kinne der plannen makke wurde dy't realistysker binne en better wurkje yn de praktyk, wie de konklúzje fan 8D. "En dêrmei groeide ús lokale en ynternasjonale netwurk gau fierder," fertelt Van den Berg. Sa kamen hja ek yn kontakt mei de minsken fan de Fryske Akademy en Mercator, mei wa't se no Read with MEE útfiere. "Foar ús spilet ek altyd mei dat it spitich wêze soe om wat te meitsjen dat allinne lokaal brûkber is. In soad fraachstikken yn ûnderwiis en soarch binne oeral werkenber."



'Wireframe' foar Read with MEE, in funksjonele skets dy't sa simpel mooglik sjen lit hokker skermen der nedich binne, wat der op elk skerm te sjen is en hoe't de gearhing is.



Magysk tinken

Om de lêsfeardigens fan jonge meartalige bern te befoarderjen, ûntwikkelet it Read with MEE-projektteam in kompjûterspul. Stephan Burghout, projektmanager en grafysk ûntwerper by 8D, leit út dat sa'n trajekt altyd begjint mei in 'Probleemstorm'. "Dat is in sesje dêr't wy mei-inoar sa dúdlik mooglik yn formulearje wat wy berikke wolle en foar wa't it is. Dat klinkt simpel, mar faak besteane dêr noch in soad ferskillende ideeën oer."

Mei alle ynformaasje út de Probleemstorm giet it designteam fan 8D oan de slach mei it ûntwikkeljen fan konsepten. "Dat giet dan noch hielendal net om kleur of personaazjes, mar benammen oer hoe't it einprodukt brûkt wurde kin," seit Van den Berg. "Moat it spul yn de ynternetbrowser te spyljen wêze, of yn in app? Moat it spul letter noch út te wreadzjen wêze? Yn it gefal fan Read with MEE moat it spul ynteraksje útlokje tusken âlders en bern."

Troch it meitsjen fan funksjonele sketsen wurdt it begryplik wat de brûker krekt te sjen krije sil op it skerm en hoe't dy troch it spul hinne klikke kin. Burghout: "Yn it gefal fan Read with MEE hawwe wy sketsmjittich sjen litten hoe't it ferhaalferrin derút sjen kinne soe. Pas as dat allegear stiet, hawwe we it oer de ynhâld: de ferhalen en it ûntwerpen fan in bûnte kolleksje personaazjes." Van den Berg follet oan: "Uteinlik hawwe wy keazen foar in selskip fan bisten, elk mei eigen talinten en eigenaardichheden. Dat slút goed oan by it magysk tinken fan jonge bern en it makket de game fleurich en kleurrik."

In hiele put

De Read with MEE-game is aanst te finen op de projektwebsites en is fuort yn de ynternetbrowser te spyljen, fertelt Burghout. It bern kin kieze foar ien fan de tsien beskikbere talen en wurdt dêrnei fansels meinommen yn it ferhaal. Mar ho efkes, in spul yn tsien talen? "Ja, dat is wol dreger om te meitsjen," jout er ta. "Byldtaal en útdrukkingen kinne per taal hiel oars wêze. We moatte dus goed sjen oft it ferhaal en de karren oeral like natuerlik oanfiele."

Gelokkich sitte yn it konsortium genôch taalekspters dy't dêrby helpe kinne. Mar dêrneist is it ek technysk in stik kompleks. "Yn dizze game bepaalt de

It projekt Read with Multilingual Early Education wurdt mei-finansiere troch it Erasmus+ programma fan de Europeeske Uny. It konsortium bestiet út Fryske Akademy/Mercator (NL), ATiT (BE), NHL Stenden University of Applied Sciences (NL), 8D (NL), Trinity College Dublin (IE) en de University of the Basque Country (ES). It projekt rint oant desimber 2026.

www.readwithmee.eu/



kar fan de spiler hokker skerm en hokker stikje ferhaal dêrnei komt. Dat betsjut dat alle teksten, plaatsjes en lûden yn ferskillende talen krekt op it goede momint ferskine moatte. Dat is in hiele put, mar wol in leuke!"

Yn it spul kinne âlden en bern op aventoer mei allegearre fantasydieren dy't ûnderweis obstakels en útdagingen tsjinkomme. It bern mei dan hieltyd kieze hoe't it probleem it bêste oplost wurde kin. Burghout jout in foarbyld: "De karren bestean út kombinaasjes fan plaatsjes en wurden. Der leit bygelyks in grutte tak op de dyk. Klikst dan op it plaatsje fan de seage, in amer wetter of in skroevedraaier?"

Untdekkingsreis

Bern kinne de game spylje en werlêze yn ferskate talen. Sa leart in bern deselde situaasjes en plaatsjes ek te keppeljen oan wurden yn in oare taal. Burghout:

"Dat kin bygelyks de taal wêze dy't thús praat wurdt en de taal dy't it bern op skoalle brûkt. Troch mei-inoar oplossingen te betinken foar de bistkes yn it spul, ûntstiet fansels kontakt en taalwille."

Burghout hopet dat it spul fan Read with MEE âlden of begelieders helpt om faker te lêzen mei jonge bern. "Echt as in momint fan ferbining, mei romte foar nijsgjirrigens nei oare talen. Sa wurdt it in lytse ûntdekkingsreis: learsum en goed foar de taalûntwikkeling, mar foaral in hiel aardige aktiviteit om mei-inoar te dwaan." ●



Takomstplannen citizen science by de Fryske Akademy

De Fryske Akademy wurket oan in takomstbestindich netwurk foar citizen science yn Fryslân. Jantine van der West, meiwurker citizen science en kennisbenutting, leit de plannen út.

Jantine van der West

Yllustraasje: Aad van Altena


De wurkmienskip fan de Fryske Akademy bestiet op dit stuit út leden, stipers, gastûndersikers en wurkferbannen en -groepen. De nije plannen omfetsje net allinnich de besteande wurkmienskip, mar stiet mei klam iepen foar de bredere Fryske mienskip en oare organisaasjes en inisjativen. Opdiel yn trije kennisnetwurken dy't tematysk oanslute op de ûndersyksagenda, koördinearre troch in stjoergroep en netwurkmanager, wurkje ûndersikers en net-akademisy mei-inoar oan it ûntwikkeljen en dielen fan wittenskiplike kennis mei de Fryske mienskip. Dit nije netwurk moat dêrneist in plak wurde foar fragen en inisjativen út de mienskip, en ympulsen jaan foar citizen science-projekten.

Citizen science is in ûndersyksmetoade dêr't boargers op in aktive wize in bydrage leverje oan wittenskiplik ûndersyk. Is dat dan net itselde as boargerwittenskip? By de Fryske Akademy brûke wy, neist it Fryske boargerwittenskip, bewust de Ingelske term.

Dat komt omdat 'citizen science' (ynter)nasjonaal akademysk en beliedsmjittich ferankere is. Troch ek de Ingelske term te brûken, ferbine wy ússels mei it bredere debat oer iepen en partisipative wittenskip. By boargerwittenskip tinke minsken faak oan it sammeljen fan data troch boargers, mar citizen science giet fierder.

By citizen science leit de klam op ko-kreaasje: it ûntwikkeljen fan wittenskiplike kennis oer (maatskiplike) fraachstikken troch wittenskippers, organisaasjes en boargers as lykwaardige partners. Mei dizze fernijde fyze op boargerwittenskip wol de Fryske Akademy har doarren mear iepenje foar de maatskippij.

De kommende perioade wurket de Fryske Akademy de plannen fierder út. Hawwe jo hjir ideeën oer en wolle jo meitinke? Mail dan nei wurkmienskip@fryske-akademy.nl Van der West skreau foar it Historisch Tijdschrift Fryslân it artikel 'Fryske Akademy: Wittenskip mei en troch 'sneupers', 31e jaargang, nr. 6, november/december 2025. ●



In literêre freonskip tusken Friezen en Bretonnen

Desennialang ûnderholden Friezen en Bretonnen in bysûndere freonskip. Alderik H. Blom, gastûndersiker by de Fryske Akademy en heechlearaar Keltologie oan de Philipps-Universitât Marburg yn Dútslân, skreau deroer it boek *Hor c'heneiled vreizhat - Us Bretonske freonen. Betrekkingen tussen de Friese en Bretonse beweging ca. 1946-1958*.

Alderik H. Blom

“Yn juny 1948 publisearre it pas oprjochte Fryske literêre tydskrift *De Tsjerne* in spesjaal temanûmer dat hielendal wijd wie oan de Bretonske minderheid yn Frankryk. Yn de goed tsien jier dy't folgen waard Bretagne mei syn Keltysktaliche literatuer sels ta in geregeld weromkommend tema yn *De Tsjerne* en oare Frysktalige tydskriften. Op hokker wize is dy op it earste each wat fernuverjende en hjoed-de-dei alhiel fergetten kulturele útwikseling eins ûnstean?”

“De sintrale figuer yn dit ferhaal is nammentlik gjin ûnbekende: de skriuwer Anne Wadman. Hy stie yn dy jierren yn nau kontakt mei de Bretonske beweging en liet him troch de kulturele en literêre ûntjouwingen yn Bretanje ynspirearje, rekke befreone mei syn Bretonske kollega Pêr Denez, en reisde der sels hinne. Ek oare bekende nammen út de Fryske beweging fan doedestiids, lykas as Willem Kok, F.S. Sixma van Heemstra, Tony Feitsma en Klaes Dykstra makken diel út fan dizze útwikseling.”




Anne Wadman. Foto: Johannes Doedes de Jong, Tresoar archiefnr. 1990,1265-10, CC BY-NC 4.0.



“Tafallich ûntduts ik yn 2023 dat der in tal brieven by Tresoar leine fan de ferneamde Bretonske taalstrider Roparz Hemon. Dy pear brieven laten ta myn ûntdekking fan werklik hûnderten oare dokuminten, útwiksele tusken Fryske en Bretonske bewegers en literatoaren. It die al gau bliken dat der folle mear te sizzen wie as ik te'n earsten tocht hie, en ik haw der lang om let myn ferlof as gastûndersiker oan 'e Fryske Akademy folslein oan wijd. Foaral de resinte skinking oan Tresoar fan

Gwendal Denez út it argyf fan syn heit, dy't yn dy jierren befreone wie mei Wadman, wie in goudmyn foar myn ûndersyk, dat sadwaande koe ik myn frisistyske leafhawwerijen op dizze wize perfekt kombinearje mei myn berôpsmjittige ynteressen as keltolooch.” ●



Wat lit de Fryske taalsurvey ús sjen?

Hoe goed giet it eins mei it Frysk? Prate minsken de taal noch alle dagen? Hoe faak wurdt de taal trochjûn oan de nije generaasjes? De taalsurvey jout antwurd op dizze fragen. It is in grutskalich ûndersyk nei taalfeardigens, taalhâldingen en taalgebrûk om de Fryske taal yn Fryslân hinne. De nijste edysje, *Taal yn Fryslân: In nije koers (2025)* is yntusken de fiifde grutskalige taalsurvey, mei mear as 3.600 respondinten.

Suzanne Dekker en Nika Stefan

Foar it earst is de survey útfierd yn gearwurking mei Planbureau Fryslân, mei gebrûk fan harren 'Panel Fryslân'. De resultaten litte sjen dat de Fryske taalfeardigens oer it algemien stabyl bliuwt. Opfallend is dat jonge âlden faker Frysk mei harren bern prate as eardere generaasjes. Dêrneist fynt 63,7% fan de dielnimmers de taal wichtich foar sosjale gearhing en identiteit, en bliuwt it Frysk stevich ferankere yn húslike en sosjale omjouwingen.

De resultaten biede dêrmei in unyk byld fan de posysje fan it Frysk yn ús provinsje. Mar se roppe ek fragen op. Wat kinst mei sokke sifers? Hoe betrouber binne se? Wêrom kieze minsken foar it wol of net praten fan it Frysk? En wat bart der fierder nei dit ûndersyk? Wy beäntwurdzje de fjouwer meast stelde fragen oer de Fryske taalsurvey.

1. Wêrom is in taalsurvey wichtich foar it Frysk?

De taalsurvey is bedoeld om in dúdlik byld te krijen fan hoe't it Frysk libbet ûnder de befolking. Wy hawwe sjoen nei wa't Frysk praat, begrypt, lêst of skriuwt, en yn hokker situaasjes Frysk praat wurdt. Dat klinkt ienfâldich, mar dy ynformaasje is ûnmisber. Sûnder betroubere gegevens is it foar oerheden, skoallen en kulturele ynstellingen dreech om te witten wêr't it goed giet mei de taal, en wêr net. Mear ynsjoch dêryn betsjut better ynformearre karren foar ûnderwiis en belied. Dêrneist bout de taalsurvey fierder op de sterke ûndersykstradysje binnen de Fryske Akademy. Al jierrenlang wurdt hjir it gebrûk en de posysje fan it Frysk systematysk folge, yn gearhing mei sosjaal, histoarysk en taalkundich ûndersyk. De hjoeddeistige survey past yn dat bredere gehiel: se foarmet in essinsjeel ynsturmint om ûntwikkelings yn taalgebrûk te monitoaren.

5.4 Ferste fragelyst

Yn dizze taalsurvey hie de respondint de keppel om te kiezen wêr't se begjint te kleanen taalkunde of in Nederlânsktaale ferder fan de fragelyst. Der is yn 30% fan de gefallen keaten om de fragelyst yn it Frysk yn te liden. Sawa! Keats, regio as stedske kornelaren mei de foarkear fan de Frysk of de Nederlânsktaale ferze fan de ekle. De ferdeling dêr't se werjûn yn Tabel 13.

De regionale fariânsje lit sjen dat it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oere. Sa kiest yn Noardwest-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Fryske taalferze (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân joutte faker de foarkear oan de Fryske taalferze fan de fragelyst (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenge (20,6%). Dy befiing ûndersket de gearhing tusken keaten (liere respondinten der faker foar om de fragelyst yn it Frysk yn te folgen as jongere respondinten). Fan de respondinten kiest 65 jier keas 33,4% foar de Fryske taalferze, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.

Tabel 13. Taalkunde-fragelyst per regio, stedske en ienstid (yn %)

Regio's	Frysk	Nederlânsk
Ljouwert	20,2	79,8
Noardwest-Fryslân	41,2	58,8
Noard-Fryslân	36,0	64,0
Waadstân	1,0	99,0
Súdwest-Fryslân	24,6	75,4
Súd-Fryslân	32,8	67,2

Stedske	Frysk	Nederlânsk
Stêd	20,6	79,4
Plattelân	35,8	64,2
Leifstid		
< 29	21,7	78,3
30-49	28,6	71,4
50-64	31,7	68,3
65+	33,4	66,6

Tabel 14. Taalkunde-fragelyst per earste taal (yn %)

Taalkunde	Frysk	Nederlânsk
(Allinnich) Frysk	52,6	47,4
(Allinnich) Nederlânsk	6,8	93,2
Beide	28,5	71,5
(Allinnich) Oars	16,2	83,8

Omdat de memmetalen yndividueel keatsje wurde koerte, wie der in taal oerkeap tusken de antwurdten. Wy joutte hjir dêr't de persintaazje foar respondinten dy't allinnich Frysk as earste taal leard hawwe, allinnich Nederlânsk, Frysk en Nederlânsk tagelyk, allinnich in oere taal (dat wol sizze net yn kombinaasje mei it Frysk of Nederlânsk). Dat dogge we hjir lykwols suver om sjen te liden hoe't it oerkeap mei it Frysk, Nederlânsk of beide talen ien syn/har foarkear fan de fragelyst beynfloedit kin. Yn de analyse wurde alle antwurdten yndividueel, dus ek wêr't de antwurdten dy't mear as twa talen as harren earste taal opjûn hawwe, dy't in komplekss model foarmje. Dêryn wurde farder se in tabeljen yn ûndersyk makke tusken yn te bealjen yn de resultaten litte sjen dat mear as de helte fan de respondinten dy't it Frysk as earste taal leard hawwe, dêr't se farder Frysk as earste taal yn it Frysk yn te folgen. Dat is yn grut kontrast mei de fan hûs út Nederlânsktaale respondinten: 93,2% fan harren hat de fragelyst 6,8% fan de Nederlânsktaale wol foar it Frysk keas. Foar de respondinten dy't beide talen as har earste taal bekeke, lei dat persintaazje heger, nammentlik 28,5%. Foar de respondinten dy't in oere taal as Frysk of Nederlânsk as earste taal leard hawwe, is dat 16,2%, leger as yn it

gefal fan Frysk en twaalfen, mar heger as ûnder Nederlânsktaale.

Ta ferliking mei de taalkunde by it ynfolgen fan de fragelyst per earste taal, joutte we hjir't de persintaazje fan de bekeaten taalkunde wer (Tabel 15). Hjoed't de persintaazje ferlyker binne, falt hjir op dat sekerstekeazje yn it foarkear fan it Frysk wurke, bealje at se hûs har allinnich mei it Nederlânsk identifisearre. Foar alle oere groepen binne de persintaazje respondinten dy't de fragelyst yn it Frysk ynfille hawwe, heger yn it gefal fan bekeaten taalkunde as yn it gefal fan earste taal.

Tabel 15. Taalkunde-fragelyst per bekeaten taalkunde (yn %)

Taalkunde	Frysk	Nederlânsk
Frysk	57,7	42,3
Nederlânsk	2,3	97,6
Beide	37,2	62,8
Oars	20,8	79,2

U de legen fragen die bliken dat in soad respondinten it noflik fûnen dat de fragelyst yn it Frysk ynfille wurde kee. Se joutte ek oan dat se wol faker surveys yn it Frysk mekje wolje soene.

Yn dit haadstik binne inkele wichtige achtegrûnkeaten, oftewol achtegrûnkeaten bekeaten dy't de batis foar farder analyse foarmje. Yn haadstik 4 rjochtje we ús op taalbehearsking en de achtegrûnkeaten dy't dêr't gearhing. Yn haadstik 5 wurde de ekleazje tusken achtegrûnkeaten en azjutes gongende status en soliditeit bekeaten, wylst yn haadstik 6 op taalgebrûk ynfille wurde. De kornelazje en azjutes-folgen yn haadstik 7 en yn haadstik 8 wurde de opst fan de oankomende Taalmonitor tagelyk.




side 29

2. Fraachstelling en ûndersyksopset

Yn dizze taalsurvey hie de respondint de keppel om te kiezen wêr't se begjint te kleanen taalkunde of in Nederlânsktaale ferder fan de fragelyst. Der is yn 30% fan de gefallen keaten om de fragelyst yn it Frysk yn te liden. Sawa! Keats, regio as stedske kornelaren mei de foarkear fan de Frysk of de Nederlânsktaale ferze fan de ekle. De ferdeling dêr't se werjûn yn Tabel 13.

De regionale fariânsje lit sjen dat it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oere. Sa kiest yn Noardwest-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Fryske taalferze (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân joutte faker de foarkear oan de Fryske taalferze fan de fragelyst (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenge (20,6%). Dy befiing ûndersket de gearhing tusken keaten (liere respondinten der faker foar om de fragelyst yn it Frysk yn te folgen as jongere respondinten). Fan de respondinten kiest 65 jier keas 33,4% foar de Fryske taalferze, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.



Figuer 1. Keats fan it fraachstelling (fan Giles e.o. (1977))

De kategoryen yn it fraachstelling (fan Giles e.o. (1977)) binne ien op ien oer se setten nei de ûnderdielen fan de taalsurvey. Dachs sulte dy ûnderdielen goed oan by it model kinne

taalkunde (wat ûnder demografyske fakoren) fan de troch de ynstellingske posysje fan de taal, dy't we keaten út de mjette fan ynstellingske stipe.

De kategory status bekeaten it twa ûnderdielen: taalstatus en taalbehearsking. Under taalstatus fersteat we de offisjele posysje fan in taal en it ekonomyske en sosjale prestizje dêr't. Wylst it taalbehearsking bekeaten it Nederlânsk noch altyd de dominante taal

is, bekeaten yn formele domeinen, lykas it ûndersyk, kin de status fan it Frysk as taalferze heech bekeade wurde. It Frysk is in offisjeel erkende taal ynkean it Nederlânsk en mei binnen Fryslân yn alle domeinen brûkt wurde. Dy offisjele status is op 'e bekeate troch de nasjonale Wet Gebrûk Fryske Taal (Riksoverheid,

fryske-akademy.nl

Wylst it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oere. Sa kiest yn Noardwest-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Fryske taalferze (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân joutte faker de foarkear oan de Fryske taalferze fan de fragelyst (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenge (20,6%). Dy befiing ûndersket de gearhing tusken keaten (liere respondinten der faker foar om de fragelyst yn it Frysk yn te folgen as jongere respondinten). Fan de respondinten kiest 65 jier keas 33,4% foar de Fryske taalferze, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.

Wylst it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oere. Sa kiest yn Noardwest-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Fryske taalferze (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân joutte faker de foarkear oan de Fryske taalferze fan de fragelyst (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenge (20,6%). Dy befiing ûndersket de gearhing tusken keaten (liere respondinten der faker foar om de fragelyst yn it Frysk yn te folgen as jongere respondinten). Fan de respondinten kiest 65 jier keas 33,4% foar de Fryske taalferze, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.

Wylst it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oere. Sa kiest yn Noardwest-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Fryske taalferze (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân joutte faker de foarkear oan de Fryske taalferze fan de fragelyst (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenge (20,6%). Dy befiing ûndersket de gearhing tusken keaten (liere respondinten der faker foar om de fragelyst yn it Frysk yn te folgen as jongere respondinten). Fan de respondinten kiest 65 jier keas 33,4% foar de Fryske taalferze, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.

Wylst it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oere. Sa kiest yn Noardwest-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Fryske taalferze (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân joutte faker de foarkear oan de Fryske taalferze fan de fragelyst (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenge (20,6%). Dy befiing ûndersket de gearhing tusken keaten (liere respondinten der faker foar om de fragelyst yn it Frysk yn te folgen as jongere respondinten). Fan de respondinten kiest 65 jier keas 33,4% foar de Fryske taalferze, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.

Wylst it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oere. Sa kiest yn Noardwest-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Fryske taalferze (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân joutte faker de foarkear oan de Fryske taalferze fan de fragelyst (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenge (20,6%). Dy befiing ûndersket de gearhing tusken keaten (liere respondinten der faker foar om de fragelyst yn it Frysk yn te folgen as jongere respondinten). Fan de respondinten kiest 65 jier keas 33,4% foar de Fryske taalferze, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.

Wylst it Frysk mear foarkomt yn de iene regio as de oere. Sa kiest yn Noardwest-Fryslân in folle gruttere proporsje fan de respondinten foar de Fryske taalferze (41,2%) as yn Ljouwert (20,2%). Respondinten op it plattelân joutte faker de foarkear oan de Fryske taalferze fan de fragelyst (35,8%) as respondinten dy't yn stêden wenge (20,6%). Dy befiing ûndersket de gearhing tusken keaten (liere respondinten der faker foar om de fragelyst yn it Frysk yn te folgen as jongere respondinten). Fan de respondinten kiest 65 jier keas 33,4% foar de Fryske taalferze, wylst dat by de respondinten ûnder 29 jier mar 21,7% wie.



side 6

fryske-akademy.nl

ûndersyk

2. Hoe betrouber is it ûndersyk eins?

Hoe sit it bygelyks mei de Waadeilannen, telle harren resultaten like swier mei as dy fan de rest fan Fryslân? En wat as der allinnich mar Frysktalige minsken meidogge mei it ûndersyk, jout dat gjin fertekene byld? Planbureau Fryslân hat de fragelist útset ûnder harren panel mei respondinten dy't selektearre binne op basis fan leeftyd, regio, en opliedingsnivo. De survey is dus basearre op in representative steekproef fan ynweners út de provinsje. Omdat by de analyse gebrûk makke wurdt fan woegen sifers, telle de resultaten fan lytsere gebieten – lykas de Waadeilannen – nei ferhâlding mei. Sa bliuwe de resultaten represintatyf foar Fryslân as gehiel. Troch dy oerwaging binne resultaten ek goed te ferlykjen mei eardere en takomstige mjittingen. Dêrtroch kinne wy trends yn de tiid folgje — bygelyks oft it brûken fan it Frysk ôfnimt of krekt stabyl bliuwt. Tagelyk erkenne wy ek de beheiningen: hoewol't wy minsken freegje nei harren taalfeardigens, is dat net ien fan 'e diminsjes dêr't de waging op tapast wurde kin. It is mooglik dat der nei ferhâlding mear of minder Frysktaligen yn it panel sitte as dat yn Fryslân wenje.

Om't der njonken ús eigen ûndersyk gjin lanlike telling bestiet dêr't yn fêstlein is hoefolle minsken Frysk prate, kinne wy dat ferskil net krekt kompensearje. Dochs litte de opienfolgjende mjittingen troch de jierren hinne in opfallend konsistint byld sjen fan de behearsking fan de Fryske taal, wat betrouwen jout yn de ferlykberens fan de resultaten.

**3. Wat lit de survey nét sjen?**

De taalsurvey lit sjen wat der bart mei it Frysk, mar net wêrom. Wy witte bygelyks dat jonge âlden faker Frysk prate mei harren bern as âlden fan eardere generaasjes, mar net wêrom't dy taalkar makke wurdt. Om dy fragen te beäntwurdzjen is oar ûndersyk nedich. Sa wurdt der op it stuit yn in gearwurking tusken Mercator, Afûk en it European Centre for Minority Issues yn Dútslân sjoen nei de taaloerdracht by âlden fan jonge bern en hokker rol taalhâldings dêrby spylje.

De taalsurvey is dus in begjinpunt. It fertelt ús wêr't it Frysk praat wurdt, mar net wêrom't dat feroaret. Foar dat 'wêrom' is ferdjipjend ûndersyk nedich.

4. Wat binne de ferfolchstappen?

Foar de kommende tiid stean ferskate ferfolch-ûndersiken pland. Wy sille in ferdjipjend artikel skriuwe oer it brûken fan it Frysk yn tradisjonele en sosjale media. Dêryn wurdt sjoen nei hoe faak oft Frysk brûkt wurdt as minsken radio harkje of kranten lêze, mar ek hoe faak oft it op platfoarms as Instagram of TikTok brûkt wurdt.

Dêrneist wurkje wy oan in periodike werhelling fan de taalsurvey mei Planbureau Fryslân. Dy monitor moat de ûntjouwingen yn taalgebrûk struktureel folgje, sadat trends flugger sichtber wurde. Fierder sille wy sjen nei ferlikingen mei oare minderheidstalen. Sa binne der plannen om te sjen hokker gearwurking wy opsette kinne foar ferlykjend ûndersyk nei it Limboarchsk, en yn de takomst hooplik ek bûten Nederlân. ●

Taal yn Fryslân

In nije koers



Undersyk finansjere troch de Provinsjale Steaten fan Fryslân

Provinsje Fryslân



fryske akademie

Wittenskiplik ûndersyksynstút foar de Fryske kasus

fryske-akademy.nl

Wêr bliuwe de froulju yn de Fryske literatuer?

Op de Conference on Frisian Humanities presintearre Janneke Spoelstra fan de Fryske Akademy har boek *Wêr bliuwe de froulju, ynterviewbondel oer de Fryske literatuer (1988-2023)*, útjûn yn de Literêre rige Minsken en boeken. Dêrfoar prate se mei tsien froulike dichters oer de Fryske literatuer. Sels dichtet Spoelstra ek. De redaksje fan Ut 'e Smidte leit har trije fan har eigen fragen foar.

Froukje Sijtsma

Dichters Aggie van der Meer, Albertina Soepboer, Margryt Poortstra, Tine Bethlehem, Elske Kampen, Sigrid Kingma, Grytsje Schaaf, Lida Dykstra, Janna van der Meer en Ytje Hoekstra stean sintraal yn it boek fan Spoelstra. Sels hat se trije eigen dichtbondels op har namme stean: *Goeie is it wachtwurd* (2004), *Langst fan 'e dagen* (2011) en *Wij yn 'e draaimûne* (2019). Dêrneist skriuwt se ek proaza.

Hoe bist sels ta Frysk skriuwen kaam?

"Yn myn ynterviewbondel haw ik de dichters frege hoe't se it Frysk skriuwen leard hawwe, en hoe't se de Fryske literatuer ynrûgele binne. Wat mysels oanbelanget haw ik it lêzen en skriuwen leard yn it Frysk, mei't de skoalle yn Hijum in twatalige skoalle wie. De earste twa klassen wie alles yn it Frysk, yn 'e tredde klasse kaam it Nederlânsk derby. Nei publikaasjes yn kuorbalkrantsje *De Goocheme Goaijer*, op de *Skriuwerskalinder* en yn tydskrift *Frysk en Frij*, nei Afûk-kursussen en skriuwkursussen yn it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD) en optredens mei de groep Los Sân, waard ik yn 2002 redaksjelid fan Frysk literêr tydskrift *Hjir*."

Hoe sjochst dertsjinoan dat de Gysbert Japicxpriis folle faker oan in man takend is as oan in frou?

"Ik fyn it frapant, it yntrigearret my wol. Yn 'e interviews fan it boek sjochst dat der hiel ferskillend op reagearre wurdt, fan 'logysk', oant 'skandalich'. Persoanlik fyn ik it foaral spitich, omdat it betsjut dat skriuwende, dichtsjende froulju en harren wurk minder omtinken en wurdearing krigen hawwe. Dêrmei komme ferhalen fan froulju yn de Fryske literatuer net goed foar it ljocht. Dat is foar elkenien spitich. It wurket ek troch nei jongere froulju, dy kinne harsels dêrtroch minder goed weromfine yn 'e Fryske literatuer."

Moat der in priis komme foar literêr wurk fan froulju (lykas foar it Nederlânske taalgebiet de eardere Anna Bijns-priis en no de Opzij-prijs)?

"In bettere opsje liket my om de Gysbert Japicxpriis op te dielen, en der wer in jierlikse priis fan te meitsjen, de iene kear foar wurk fan froulju, de oare kear foar wurk fan manlju, eventueel ea ris in aparte edysje foar non-binêr

of breder lhbty+-wurk. Ik betocht it doe't it boek al by de printer lei. Dat sille je altyd sjen dat je dan noch de bêste ideeën krije. Mar ik soe sizze, besykje it ris tsien jier. Dan komt der in bettere ôfspegeling fan de Fryske literatuer, fan 'e Fryske wrâld nei foaren. Dan krijst in oare dynamyk."

Is der al nij dichtwurk fan dy kommendewei?

"Jawis. Takom jier wol ik oan 'e slach mei it gearstallen fan myn fjirde dichtbondel." ●



Frisia yn kaart – it nije GIS-portaal komt deroan!

In nij digitaal portaal bringt de rike skiednis fan it Fryske kustlânskip byinoar yn ien oersichtlik gehiel. Dat portaal foarmet aanst in sintrale tagongspoarte ta in rike samling kaarten en geografyske gegevens, bedoeld foar ûndersikers, beliedsmakkers en elkenien dy't ynteressearre is yn de skiednis fan it Fryske lânskip.

Johan Feikens

It nije portaal rjochtet him op de kustuône fan it histoaryske Frisia – it grutte gebiet dat him útstrekt fan it Zwin yn it westen oant de Weser yn it easten. Dizze lange kuststripe, foarme troch iuwen fan Fryske bewenning, seespegelstiging en lânoanwinning, stiet sintraal yn it ûndersyk nei hoe't lânskip, delsettingen en bestjoersfoarmen har troch de tiid ûntwikkele hawwe. De basis fan it portaal wurdt foarme troch in rige aktuele kaartlagen dy't it hjoeddeiske lânskip yn byld bringe: kadastrale en topografyske gegevens, boaiem- en geomorfologyske kaarten, paleogeografyske rekonstruksjes en hichtekaarten. Se jouwe mei-inoar in detaillearre byld fan de fysike ûndergrûn dêr't iuwen skiednis him op ôfspile hawwe.

Histoaryske kaarten

Neist dizze moderne lagen wurde ek histoaryske kaarten yntegrearre, dêr't de feroarings yn it lânskip mei sichtber makke wurde. Fan de paleohistoaryske kaarten oant de


topografyske en kadastrale kaarten fan 1832: elke kaart fertelt wat oer de ûntwikkeling fan

eigendom, ferkaveling en machtsferhâldingen. Ek tsjerklike grinzen, bestjoerlike yndielingen en globale ferkavelingspatroanen wurde hjiryn ferweve. De kaartkolleksje wurdt boppedat ferrike mei kulturele en histoaryske gegevens, lykas de lokaasjes fan tsjerken en kleasters en harren besittingen, stinzen, boargen, pleatsen, terpen en fermeldings út boarnen as it Floreenkohier en it Stemkohier. Toponimen en dialektkaarten jouwe dêrby ek in taalkundige diminsje oan it gehiel, dêr't it portaal net allinnich geografysk mar ek kultureel betsjutting mei krijt.

Hjerst 2026

Op dit stuit leit de klam noch op it sammeljen, kontrolearjen en strukturarjen fan de datalagen. Pas nei de simmer fan takom jier begjint de ûntwikkeling fan de funksjonaliteit, foarmjouwing en gearstalling fan it portaal. De offisjele lansearring stiet pland foar de hjerst fan 2026.

Oant dy tiid bliuwt de hjoeddeistige HisGIS-webside gewoan yn gebrûk, sadat elkenien tagong hâldt ta fertroude ynformaasje. Efter de skermen groeit lykwols in nij, tagonklik en ynspirearjend portaal dat wittenskip en erfgoed gearbringt en it rike ferline fan de Fryske kustuône op 'e nij sichtber makket. ●



Fragmint út de globale ferkavelingskaart, kombinearre mei de ynfrastuktuer fan 1832, de midsiuwske tsjerken en kleasters, kleasterbesit en toponimen.



Fragmint út de globale ferkavelingskaart foar it Fryske gebiet.

Passy foar archeology

Melkfeehâlder Sible de Roos krijt yn 2014 twa manlju oan de doar. Se binne fan in archeologysk buro en hiene op hichtekaarten sjoen dat der eartiids feanterpen yn it lân fan De Roos west wiene. Oft se wol boaiemmeunsters nimme mochten. “Ik sei: “Dat kin wol. Op betingst dat ik meisjen mei.””

Jantine van der West

Mei dat aventoer begûn De Roos syn fassinaasje foar archeology. Kunde hie De Roos al oan Hindrik de Jong (1946-2022), dy't fan 1994 ôf oant 2008 foarsitter wie fan it Archeologysk Wurkferbân, en syn frou Wiepkje Hagen. Doe't de sûnens fan De Jong efterút gong, waard De Roos frege foar it bestjoer fan it Wurkferbân. Yn 2024 naam er it foarsitterskip oer fan Gelkje Schotanus (foarsitter fan 2008 ôf). Syn binning mei it Wurkferbân ûnstie út freonskip en in dielde ynteresse - "sa giet dat meastal", seit De Roos.

Hy is beskieden as wy it hawwe oer syn ûnderfining mei archeology. "Ik haw altyd de ynteresse hân, haw der in soad oer lêzen en sammele minsken om my hinne mei deselde passy. Do moatst dy derby jaan. Archeology is moai, omdat it wurk deromhinne ek moai is: it fjild yn en de spanning oft'st wat fine silst ja of nee." Oer de rest fan it bestjoer seit er grutsk: "Ik haw in hiel noflikke groep as bestjoer, elkenien hat syn kwaliteiten en kennis." Hy hat it oer skriuwer Koos Tiemersma en bestjoersleden Koos Jager, Jan Paul de Groot en Gilbert Hofstra. "De leden fan

it Wurkferbân soargje dêrneist foar motivaasje en bringe entûsjasme mei harren mei".

It Archeologysk Wurkferbân is oprjochte yn 1983 om amateurarcheologen byinoar te bringen en struktuer oan te bringen by opgravings, fertelt De Roos. De Wet fan Malta yn 1992 makke in ein oan it frij graven yn de grûn troch hobbyisten, mar it Wurkferbân jout noch hieltyd archeologyske begelieding by opgravings en

fynstferwurking.

Se binne in ferbinende partij tusken professionals en amateurarcheologen. Dêrneist organisearret it Wurkferbân yn it winterskoft in rige fan lêzingen.

Yn 2018 ferhuze De Roos mei syn frou en twa dochters nei Lúnbert en ferkocht syn buorkerij yn Aldeboarn. Mar net foar't er dêr noch in bysûndere fynst die: in folslein yntakt skelet fan in ko, deun njonken de âlde pleats. By fierder ûndersyk ûntduts er it ferhaal efter dizze fynst. Yn de 19e iuw hearske in besmetlike feesykte. Besmet fee moast ôfmakke wurde; allinnich de hûd waard bewarre. Snijspoaren op de ûnderste poaten fan dit skelet wiisden op sa'n syktegefal. In berjocht yn de Ljouwerter Krante fan 14 jannewaris 1856 befêstiget dat: ûnder it fee fan Ruurd Aukes Hofstra, de doetiidske boer op it hiem, wie de longsykte útbrutsen. De ko waard nei alle gedachten tichtby it hûs yn 'e grûn set, omdat it lân fierder beferzen wie. "In fynst is net bysûnder om't it om in âld objekt giet, mar omdatst der in ferhaal by hast", seit De Roos.

Foar (amateur)archeologen en detektoristen yn spe hat De Roos de folgjende tips. "Freegje altyd tastimming fan de grûn brûker dêr'tst op sykje wolst, hâld dy oan de regels en lit it ek wer netsjes efter. Slút dy boppedat oan by in netwurk." Oer de rol dy't amateurarcheologen, mar ek boeren en oare minsken, spylje kinne yn wittenskiplik ûndersyk is De Roos dúdlik.

"By sokke minsken leit in hiel soad kennis oer it lânskip en it ferline, se kinne ûndersikers yn de goeie rjochting wize." •

Wolst ek lid wurde fan it Archeologysk Wurkferbân?

Mail dan nei wurkmienskip@fryske-akademy.nl



Sible de Roos mei in fynst, foto: Wiepkje Hagen



Winterske boeketips fan Femke

Undersyksmeiwurker Femke van Seijen fan it Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen is yn septimber har famkesdream efternei gien. In eigen boekwinkel. Oan de Dijkstraat yn Frjentsjer iepene sy De Grote Beer. Femke jout fiif boeketips foar it winterskoft.

Femke van Seijen

Mei dizze tsjustere dagen is der neat noflikker as op de bank krûpe mei in goed boek. In pear boeketips, mei in Frysk tintsje, dy't hjir perfekt by passe. In soad lêswille tawinske!



1

De ierde giet troch minskehân teloar – Durk van der Ploeg

Van der Ploeg kaam dit jier mei in nije, dramatyske roman, dy't ynspilet op it rûge karakter fan de natuer en dy't yn de efter- én foargrûn in rol kriget.

2

Ferlosboartsje – Elmar Kuiper

Dichtbondel, wêryn't Kuiper ferskate aspekten fan syn libben, eartiids en no, foarby gean lit. Nettsjinsteande de – sa no en dan – heftige ûnderwerpen, wit Kuiper de ynhâld op in luchtige wize te bringen. Winner fan de Gysbert Japicxpriis 2025.

3

Wêr bliuwe de froulju? Interviewbondel oer de Fryske literatuer (1988-2023) – Janneke Spoelstra

Fansels mei dit krekt útbrochte boek fan ús kollega Janneke net ûntbrekke. Sy ynterviewde tsien froulike dichters oer harren wurk en posysje yn de Fryske literatuer.

Iepenbiering – Pieter Anko

Yn dizze Frysktalige thriller, mei filosofyske en Bibelske ynfloeden, reizgje in heechlearaar út Amsterdam en in Friezinne tegearre de wrâld oer, op syk nei it antwurd op ien fraach: wannear brekt de Lêste Dei oan? Mar al gau hawwe se troch dat der ien besiket harren dwers te sitten...

4

5

De Wonderverteller – Lida Dijkstra

Net Frysktalich, mar dit boek fan ús Akademylid Lida Dijkstra fertsjinnet fansels ek in plakje. Dit boek hat nammentlik dit jier de Gouden Griffel, it Sulveren Pinsiel en de Jonge Beckmanpriis wûn. In prachtich boek oer de reizen fan Marco Polo, dat ek mei de bern en bernsbern lêzen wurde kin.

ynterview

Fan 'Moi!' nei 'Moarn!'

Tom Slootweg is dizze simmer begûn as ynformaasjespesjalist by de Fryske Akademy. "Ik fyn it hiel moai om my de rykdom, eigenheid en skiednis fan it Frysk eigen te meitsjen. Der is gjin better plak om dat te dwaan as oan de Fryske Akademy!"

Wat is dyn eftergrûn?

"Fan hûs út bin ik mediawittenskipper en kultuerhistoarikus en wurke ik as postdoc en universitêr dosint oan de Universiteit Utert en de Ryksuniversiteit Grins. Hoewol't ik in grutte leafde ha foar ûndersyk en it heger ûnderwiis, kaam ik deryn dat ik mear wurkwille helje út in stypjende rol. En dêrnjonken bin ik as Hollanner slim ferknocht rekke oan it Noarden."

As Hollanner?

"Ja, ik bin in echte ymport-noarderling. Berne yn Voorburg en tein yn wat ik wol it Drachten fan Súd-Hollân neam: Zoetermeer. Nei't myn âlden nei Stiens

ferhuze wiene, gie ik al gau te studearjen en wenjen yn Grins en dêr bin ik bleaun. Mei tank oan alle geduldige Fryske Akademy-kollega's en kursussen by Afûk bin ik no yn transysje fan 'moi' nei 'moarn'."

Wat docht in ynformaasjespesjalist?

"Ik draach soarch foar de bibliteekfunksjes en Pure-ynfier, mar wurkje ek mei oan in *open-access*-belied en it digitaal ûntsluten fan ús datasets. De groeiende rol fan keunstmjittige yntelliginsje is net te negearjen en dat is eat dêr't wy fia GPT-NL (fan it TNO) mei eksperimintearje sille. Wy moatte



goed neitinke oer it boargjen fan ús datasoevereiniteit, mar ek inisjativen omearmje dy't ús wurk better of tagonklker meitsje."

Hast it nei dyn sin?

"De Fryske Akademy is in noflikke wurkomjouwing, de lyntsjes yn de organisaasje binne koart en elkenien is hiel behelpsum en benaderber. Dat is tige ferfrissend." ●

ynterview

It ferhaal efter in 17e iuwsk grêfserk

Troch it jier hinne hjit de Fryske Akademy wittenskippers út binnen- en bûtenlân wolkom om ûndersyk te dwaan en kennis te meitsjen mei alle fasetten fan de frisistyk. Diskear bringe wy jimme yn de kunde mei gastûndersiker Trudi Brink.

Wat bringt jo by de Fryske Akademy?

"Al sa'n tsien jier doch ik ûndersyk nei grêfserken dy't yn de perioade 1530-1640 yn Fryslân makke binne, yn it bysûnder grêfserken dy't sinjearre waarden troch de byldhouwer. Dat dit yn Fryslân op reedlik grutte skaal barde is hiel bysûnder. Yn Ingelân, Dútslân en België is der belangstelling foar myn ûndersyk, mar yn Fryslân wisten lykwols net folle minsken derfan ôf. Dêrom ha ik sollisitearre nei de funksje fan gastûndersiker by de Fryske Akademy."

Wat ûndersykje jo krekt?

"Grêfserken binne primêre boarnen dy't op de flierren fan de tsjerken lizze.

Se fertelle wat oer hoe't de eardere ynwenners fan Fryslân yn it libben stiene. Op dit stuit bin ik dwaande mei grutte portretserken út it begjin fan de 17e iuw. Dat binne grêfstiennen dêr't persoanen op ôfbylde stean. Je fine sokke serken bygelyks yn Boalsert, Skettens, Terkaple en Wurdum. Wêrom lieten minsken sa'n djoere serk foar op harren grêf meitsje en hoe wierskynlik is it dat de minsken echt liken op harren stiennen bylden?"

Hoe is jo ynteresse foar dit ûnderwerp ûntstien?

"Nei it foltôgjen fan myn stúdzje keunstskiednis yn 2010 wurke ik, út de Universiteit Utert wei, yn it Medieval Memoria Online (MeMO) projekt. By it



ynventarisearjen en beskriuwen fan alle Nederlânske grêfmonuminten foar 1580 foel myn each op de grutte, ryk fersierde grêfstiennen yn Fryslân. Dat dêrop ek nochris de sinjatur fan de byldhouwer pronket, rôp myn nijsgjirrigens op. Ik soe hiel graach promovearje wolle op dit ûnderwerp. Sadwaande sil der dan ek in boek komme. Dat is wichtich, want dizze bysûndere Fryske objekten fertsjinje beskerming." ●

interview

Fan 'Groninger eierballen' nei 'Bûter, brea en griene tsiis'

Dylan Rose (35) is yn oktober úteinset as promovendus by de Fryske Akademy en Campus Fryslân. Hy docht ûndersyk nei codeswitching: hoe skeakelje twatalige Friezen tusken talen?

Rose komt fan Prince Edward Island yn Kanada. Hy behelle in bachelor Ingelsk, in bachelor psychology en in Master of Education oan de University of Prince Edward Island. "Ik haw studearre yn Austraalje en Súd-Korea en ik haw yn Japan fjouwer jier wurke as dosint Ingelsk. Yn 2023 bin ik nei Grins kaam



foar de research master *Linguistics: Language and Cognition*. Dêr wenje ik no noch altyd en ik genietsje bot fan de hearlike 'eierballen'."

Wat silst ûndersykje?

"Foar myn promoasje-ûndersyk rjochtsje ik my op *codeswitching* by Frysk-Nederlânsktalige twataligen. Oant no ta is dat type ûndersyk foaral by bern útfierd. Ik wol in taalswitch-eksperiment ûntwikkelje om te ûndersykjen hoe't folwoeksen sprekkers fan Frysk en Nederlânsk harren talen beheare: hokker faktoaren bepale hoe't se skeakelje, en beynfloedet dat harren útspraak en klankfoarming? Myn ûndersyk wol ik brûke om spraaktechnology en

taalwerkenning foar Frysk-Nederlânske spraak te ferbetterjen."

Wêrom fynst dat nijsgjirrich?

"Yn Kanada bestean neist it Ingelsk en Frânsk ek ferskillende minderheidstalen lykas Cree, Inuktitut en Ojibway. Ik bin ûnder de yndruk fan de stipe en erkenning dy't it Frysk krijt. Dat is ynspirearjend. Kanada kin dêr in soad fan leare."

Kinsto ek Frysk?

"Ik kom gauris yn Fryslân en fyn it hjir hiel sjarmant. En de taal? Bûter, brea en griene tsiis – ik hoopje dat ik gau mear Frysk leare kin." ●

interview

Genôch útdagingen

Nienke van Meerveld is nei de simmerfakânsje begûn as Koördinator Bedriuwsfiering fan de Fryske Akademy. "Dat klinkt hiel breed en algemien. En dat is it ek!"

Nienke sil har dwaande hâlde mei finânsjes, finansjele rapportaazjes, begruttingen, mar ek mei it gebou, mei fasilitêre saken en mei ICT. Se begûn lykwols yn in hiel oare sektor. "Ik ha in oplieding dien ta gemysk analist. Ik ha wurke op it laboratoarium fan de provinsje Drinte en op it lab fan Wetterskip Fryslân." Dernei waard se projektkoördinator en akkountmanager by wat doetiids Pro Analyse hjitte, en no Eurofins is. "En doe ha ik myn stúdzje 'Mem wêze' dien, dat is dreech om te heljen, mar ik leau dat dat ek wol aardich slagge is."

As planner-controller kaam se letter oan it wurk by Aquaexplorer/Life sciences R&D, in gearwurking fan in lytse start-up

mei wat it briedplak fan talint wie fan de NHL Hegeskoalle. "Dêr hawwe we hiel wat projekten en technologyen ûntwikkele mei finansiering fan Nederlânske en Europeeske jildten. En dêr't de iene technology wol fan slagget en in oare wer net. Mar ja, dat is ek ûndersyk. En ûnderwilens hie ik myn oplieding ta controller helle."

Uteinlik hat Nienke as controller mear as tsien jier belutsen west by Aqana. Dêrnei wurke se by Fers en no by de Fryske Akademy, dat yn de boeken fansels in lytse organisaasje is. "Mar ek wer net, ast sjochst yn hokker netwurken en projekten de Fryske Akademy sit." En boppedat: "It Wetterskip en Eurofins wienen behoarlik grutte wurkjouwers,



mar de lettere wurkjouwers net. Ik fyn ek dat dat better by my past."

Der binne genôch útdagingen foar de takomst, fynt Nienke. De wrâld feroaret fluch. "Tink dêrby oan finansiering fan ús ynstút, beskikberens fan kwalifisearre persoanen, mooglikheden en ûnmooglikheden fan automatisearring, ensafuorthinne. Dêr moatte wy as Fryske Akademy op oanheakje en dat falt noch net altyd ta. Ik sil myn bêst dwaan om dêr in stikje oan by te dragen." ●

Undersyk fan Genealogysk Wurkferbân nei Wybrand de Geest

De Fryske keunst- en portretskilder Wybrand de Geest (1592-1663/1665) stiet sintraal yn in nije útstalling fan it Fries Museum yn Ljouwert. De Geest wie ien fan de wichtichste skilders fan de 17^e iuw. It Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy waard frege om by te dragen oan de útstalling.

Gosse van der Plaats en Mieke Breij

Yn april 2023 ûntfong foarsitter Gosse van der Plaats it fersyk fan drs. Marlies Stoter, konservator fan it Fries Museum, om de bekende 17^e-iuwske skilder Wybrand de Geest genealogysk te ûndersykjen. It gong har om in folslein oersjoch fan alles wat al oer Wybrand de Geest en syn famylje publisearre wie, toetst oan de lêste ynsichten út koartlyn publisearre boarnen wei. It gehiel soe tsjinje as basis foar in te ferskinen monografy by in yn 2025 plande útstalling oer de skilder.

Der waard besletten dat Gosse van der Plaats dit ûndersyk útfiere soe. Hy hat in ynventarisasje makke fan de bekende literatuer- en argyfboarnen, dy byinoar brocht en ferwurke ta in parenteel fan Simon Juckes, de heit fan Wybrand de Geest. Hy makke dêrby tankber gebrûk fan it wurk fan foarige ûndersikers, dy't út

ferskate ynfalshoeke wei it libben en wurk fan Wybrand de Geest yn kaart brocht hiene, mar wêzentlike fragen lykas it jier fan ferstjerren net beäntwurde hawwe kind. Fuortbouwend op dy kennis waarden de iuwenâlde stedske argiven út Ljouwert op 'e nij bestudearre en waarden nije fynsten dien.

Geandewei ûntstie by Marlies Stoter de winsk om Wybrand yn in breder famyljeferbân te pleatsen. Wybrand hie in âldere broer, de om 1582 hinne berne glêsskilder Gelis Simonsz de Geest, dy't yn 1605 boarger fan Utert waard. Hy wie de stamfaar fan in mansk Uterts-Oosterbeeks neiteam en ferkearde yn rûnten fan keunstskilder Abraham Bloemaert (1564-1651), by wa't Wybrand in skoft yn 'e lear west hat.

Drs. Mieke Breij, oant koartlyn haad tsjinstferliening fan Het Utrechts Archief (en neiteam fan Gelis) hat it fersyk fan Marlies útfierd. Fuortbouwende op earder ûndersyk fan dr. Marten Jan Bok en fan harsels hat hja de fan Gelis S. de Geest en syn neiteam al bekende én nije boarnen (op 'e nij) bestudearre en allyksa nije fynsten dien.

Sa'n grut ûndersyk koe net plakfine sûnder de help fan oaren. Sa wie Jelle de Jong op De Lemmer tige behelpsum by it opstarten fan it ûndersyk yn Fryslân. Pieter Nieuwland yn Hurdegaryp holp de auteurs by it ferfolch derfan, spesifyk by it opspoaren, transkribearjen en ynterpretearjen fan âlde akten út Fryslân en Utert, en by de einredaksje fan it gehiel.

It resultaat waard ein novimber 2024 publisearre as 'Gosse van der Plaats en Mieke Breij. Parenteel Simon Juckes de Geest, de heit fan His, Gelis én Wybrand de Geest', yn it Genealogysk Jierboek 2024, p. 7-100. (Ljouwert, Fryske Akademy).

In (tige koarte) werjefte fan dat artikel is opnommen yn it tentoanstellingsboek, gearstald troch Marlies Stoter, *Wybrand de Geest, Meesterlijke Portretten*, te lêzen op siden 194-195. De útstalling yn it Fries Museum is noch te besjen oant 1 maart 2026. ●



Wybrand de Geest,
zelfportet 1629,
Rijksmuseum

Conference on Frisian Humanities

Hoe kinst meartalich ûnderwiis op in positive wize befoarderje? Wat binne de meast resinte ûntwikkelings op it mêd fan it ûndersyk nei it Aldfrysk? En op dat fan meartalige spraaktechnology? En hoe sit dat mei it brûken fan Frysk op social media en mei it 'mem'-en-'heit'-sizze yn stee fan do of jo?

Fotografy: Ydwine R. Scarse

Mei mar leafst 59 ûndersykslêzingen, 1 diskusjepanel en 16 posterpresintaasjes hie it trijejierlikse Conference on Frisian Humanities wer in fol en boeiend programma. Wittenskippers fan hjir, mar ek út Spanje, Dútslân, Noarwegen, Lúksemboarch en België, ferbûn oan mear as 35 Europeeske universiteiten en oare ûndersyksynstituten, kamen nei Ljouwert om diel te nimmen oan it kongres mei it tema 'Brêgen en Grinzen: Fryslân yn mondiale kontekst.'

De organisaasje wie yn hannen fan de Fryske Akademy en it Mercator Europeesk Kennisintrum, yn oparbeidzjen mei NHL Stenden, Ryksuniversiteit Grins, Campus Fryslân, Christian-Albrechts-Universitât Kiel, Europa-Universitât Flensburg, Nordfriisk Instituut en de Ostfriesische Landschaft. ●



weromsjen



Podcast

Undersikers Martine Jansen en Mark Raat fan de Fryske Akademy binne foar de Podcast Challenge fan Studium Generale Ljouwert ynterviewd troch studinten fan de Media Innovatie Campus (MICA) yn Ljouwert. F.l.n.r. studinten Melody, Josh en Giulia, Martine Jansen (Mercator/Fryske Akademy). ●

Oppersorbysk

Nicole Dolowy (I) fan it Institute of Slavic Studies wie te gast by Jelske Dykstra en de Fryske Akademy. Yn in nijsgjirrige lêzing fertelde hja ús wiidweidich oer it Oppersorbyske taalrevitalisaasjenetwurk Zari yn Dútslân. ●



Do

Nei in wylde achterfolging yn de binnentún fan de Fryske Akademy knalden in krie en in jonge do tsjin de gevel. De krie fleach fleurich fuort, de do bleau lizzen mei ferwûningen oan 'e wjuk. Gelokkich kaam de diere-ambulânse fan Dierenopvang de Wissel gau del om it doke op te heljen. ●



Wike fan de Utwikseling

Alle jierren organisearret Werken in Friesland de Wike fan de Utwikseling. Dit jier krigen wy de kâns om ús ûndersykswurk sjen te litten oan meiwurkers fan gemeenten, provinsje, Aegon/ASR en Ryksuniversiteit Grins. F.l.n.r. stand: Richtsje Stornebrink, Lolke Heida, Wilma van der Woude, Inge Heslinga (Fryske Akademy); f.l.n.r. sittend: Jildou Postma, Rigt Kalsbeek. ●



Spraaktechnology

Jelske Dijkstra krige besite fan in groep MSc Speech Technology-studinten fan de Campus Fryslân. ●



Kopenhagen


Yn it ramt fan it ynternasjonale ûndersyksprojekt 'Reclaiming the Northern Past: The Shaping of National and Transnational Identities through Old Norse Literature 1750-1900' hold Simon Halink fan de Fryske Akademy yn Kopenhagen de lêzing 'Was Iduna Frisian? Nordic Tendencies in the Reclamation of the Frisian Past'. ●



weromsjen

Budapest

Johan van der Zwaag (l) en Hindrik Sijens hawwe op it 1st International Conference on Lexicology and Lexicography yn Budapest in lêzing jûn oer 'Towards a new historical dictionary of Frisian'. ●



Taledei

It Europeesk Buro foar Lytse Talen, Mercator en Tresoar fersoargen, yn it ramt fan de Europeeske Dei fan de Talen, in diel fan de les 'Meartalige Kommunikasje yn de Beropspratyk' by de oplieding Travel & Hospitality fan mbû-skoalle Firda. Janneke Brakels joech in workshop yn dizze les dy't fuortkomt út it projekt Wy binne mbû en it Praktoraat Frysk & Meartaligens. ●



Weekend van de Wetenschap

It Weekend van de Wetenschap is in evenemint om op tagonklike wize ynsjoch te jaan yn 'e wrâld fan wittenskip en technology. In team fan de Fryske Akademy en Mercator stie yn Campus Fryslân klear foar de bern om geheimen fan taal en kultuer te ûntraffellen. Smoardrok wie it! F.I.n.r. Froukje Sijtsma, Janneke Spoelstra, Johan van der Zwaag, Jantine van der West, Martine Jansen. ●



Seeltersk

Op de twadde Dei fan it Seeltersk yn it Dútske Roomelse/Ramsloh fersoargen Eric Hoekstra en Fenna Bergsma fan de Fryske Akademy de lêzing 'Die friesische Sprachfamilie damals, heute und in der Zukunft'. ●



Redbad

De Fryske Akademy is belutsen by in grut projekt oer de Aldfryske kening Redbad en iermidsiuwsk Frisia, útfierd yn it ramt fan it Interreg VI-programma Deutschland-Nederland. Yn septimber kamen fertsjintwurdigers fan ferskate projektpartners byinoar yn it Steinhaus yn it Dútske Bunderhee. F.I.n.r. Aline Bäse (Ostfriesische Landschaft), Mans Schepers (RUG), Diana Spiekhout (Fries Museum), Han Nijdam (Fryske Akademy), Ewoud van Aalst (Fryske Akademy). ●

personalia

Yn de twadde helte fan 2025 mochten wy wer in tal nije meiwurkers ferwolkome, mar namen wy ek ôfskied fan kollega's dy't al langere tiid oan de Fryske Akademy ferbûn wiene.

Yn tsjinst

Ewoud van Aalst, per 01-09-2025, ûndersyksassistint Taaldatabank Aldfrysk/INTERREG Redbad projekt.

Tamara Dijkstra, per 01-10-2025, senior ûndersiker Digital Humanities.

Nanna Hilton, per 01-12-2025, senior ûndersiker Taalwittenskip.

Nienke van Meerveld, per 15-09-2025, koördinator Bedriuwsfiering.

Liefke Reitsma, per 01-09-2025, koördinator Eksterne Gearwurking (ynterim).

Dylan Rose, per 01-10-2025, promovendus Fryske Akademy / Campus Fryslân.

Tom Slootweg, per 01-09-2025, ynformaasjespesjalist.

Gastûndersyk

Cor van der Meer, per 01-07-2025, gastûndersiker Mercator.

Ut tsjinst

Peter van der Meer, per 05-07-2025, ynformaasjespesjalist.

Femke van Seijen, per 14-11-2025, ûndersyksmeiwurker Mercator. ●

publikaasjes

*In folslein oersjoch fan de publikaasjes fan ús meiwurkers en gastûndersikers stiet op it **PURE** portaal fan de **KNAW**:*

Sjoch ek ris op neerlandistiek.nl/frisistyk/, it online tydskrift wijd oan Fryske taal- en letterkunde, makke troch de Fryske Akademy en Neerlandistiek.nl.

Lemko-Rusyn en Gaelic

Mei in earste edysje fan 'The Lemko-Rusyn language in education in Poland' en in tredde bywurke edysje fan 'The Gaelic language in education in Scotland' hat ús Mercator-team wer twa nijsgjirrige boekwurken tafoege oan de Regional Dossier-rige. Mei dizze dossiers leit it kennisintrum foar meartaligens de fokus op it ûnderwiissysteem yn Europeeske regio's mei in autochtoane minderheidstaal en hoe't dizze minderheidstaal in plak krijt binnen dat systeem. Foar dizze Regional Dossiers is gearwurke mei ûndersikers fan universiteiten yn Warschau, Krakau en Strathclyde.




Frysk

Dyn eigen Fryske provinsje bouwe kin no yn it boerdspul FRYSK, ûntwikkele troch kabaretier Robert Brouwer en dosint Arjan van Houwelingen. It doel fan FRYSK is om safolle mooglik pompeblêden te sammeljen en sa de provinsje te 'winnen'. Foar it bouwen en ûntginnen betellest mei wetterwegen, in knypeach nei de rol fan wetter yn de provinsje. Spesjaal foar it ynstruksjeboekje hat Aldfrisis en histoarysk-antropoloog Han Nijdam fan de Fryske Akademy in oersjoch fan de Fryske taalskiednis makke. FRYSK kin spile wurde mei 1-6 dielnimmers en is geskikt foar de hiele famylje (fan 8 jier ôf). It spul is te keap by musea en yn de winkel.



Frisian Verbs

Taalkundigen Fenna Bergsma, Jan Don, Anne Merkuur en Meg Smith hawwe in haadstik skreaun yn it boek *Nanosyntax and the Lexicalization Algorithm*, útjûn by Oxford Academics. Yn de nanosyntax binne bûne morfemen stikjes syntaktyske struktuer dy't ferskille kinne yn grutte en foarm. It haadstik 'Complex Left Branches in Frisian verbs' ûndersiket it Frysk en stelt dat ferskillen yn grutte allinnich net genôch binne om de fariaasje yn de tiidwurddparadigma's te ferklearjen. Oan de hân fan de teory fan Complex Left Branches (Blix 2022) litte de auteurs sjen hoe't de foarm fan de oanbelangjende morfemen de ûnderskate ferskynsels yn de Fryske paradigma's mooglik makket. ●



Middelnerlandse oorkonden

Gastûndersiker Oebele Vries fan de Fryske Akademy is de gearstaller fan it boek 'Middelnerlandse oorkonden uit Friesland (tot 1501)', útjûn by útjouwerij Noordboek. Yn dizze útjefte binne de teksten fan Middelnerlânske oorkonden út de hjoeddeistige provinsje Fryslân – mei ynbegryp fan Stellingwerf – oant en mei it jier 1500 te finen. De measten komme út de argiven fan de talrike kleasters dy't it letmidsiuwske Fryslân telde. Vries hat it earste eksimplaar oanbean oan syn âld-studint en dosint Aldfrysk Anne Tjerk Popkema.



Wittenskiplik buorrelpraat: midsiuwske munt ferlern by de biertaap

Gosse Hovinga

It seach der al wat nuver ut. Ferskate wittenskippers bedarren mei de buorrel fan de Akademydei mei de knibbels op de flier. Mei de bûslampe fan de tillefoan sochten se nei in sulveren sceatta. Gosse Hovinga, lid fan it Archeologysk Wurkferbân, hie koart dêrfoar syn bysûndere sulveren muntsje falle litten by de biertaap. De skat moast perfoarst mei nei hûs. Hovinga fertelt oer syn bysûndere sceatta.

De skrik sloech my om it hert. Ik hie it sulveren muntsje, dat ik gewoanwei altyd yn in trochsichtich doaske bewarje, krekt oan professor Hylkje de Jong sjen litten. Doe't ik it wer werom dwaan woe yn it doaske, liet ik it muntsje út de midsiuwen út de hannen falle. It giet om in Kontinintale 'Series E Metcalf Franeker variety B' sceatta. It stamt út de twadde helte fan de achtste iuw, sa hawwe silger Prof. dr. D.M. Metcalf fan de Oxford University en Dr. Wybrand Op den Velde earder steld. It komt dus wierskynlik út de tiid krekt nei de dea fan Bonifacius (754 AD). Dizze muntsjes hawwe hast gjin opskriften, mar lytse tekentsjes dy't in kennerseach freegje om se te ûnderskieden. Op 'e iene kant fan de 'stikelbaarch-sceatta's'¹ ('porcupines') stiet in figuerke, dat in roeiboat foarstelle kin. Op 'e oare kant stiet meast in fjouwerkant, mei in mannichte (>100) oan farianten. Dit fjouwerkant komt ek foar op 'Series' fan Ingelske sceatta's út Kent (PADA, A en C). Dit symboal kin op Romeinske foarbylden weromgean of op de foarm fan eardere Romeinske forten oan de mûning fan de Rijn en te Canterbury.

It bysûndere oan de *Franeker* farianten fan 'Series E' is, dat se suver allinnich út it tsjintwurdige Nederlân en fan Föhr bekend binne, wylst de farianten út de tiid fan Redbad foaral yn Ingelân weromfûn wurde.

Ik haw in skoftke in hannel hân yn dizze muntsjes en sadwaande dit muntsje fia E-bay yn Ingelân op 'e kop tikke. Neffens de ferkeaper hie er him sels fûn yn Yorkshire. Neffens Wybrand Op den Velde wie dit de earste *Franeker* fariant dy't him bekend is út Ingelân. By



harren ûndersiken nei de Series E sceatta's hawwe Metcalf en Op den Velde hûnderten fan Series E sceatta's belutsen, fûn yn Ingelân en op it Kontinint.

It fassinearjende fan de Kontinintale sceatta's leit him der foar my yn, dat se in wichtige nije boarne fan skiedkundige ynformaasje foarmje oer in perioade, wêrút gjin skriftlike histoaryske boarnen oerlevere binne troch Friezen sels skreaun.

Earder hie ik it lytse sulveren muntsje ek al sjen litten oan professor Nelleke IJssennagger-van der Pluijm en dêrby oanjûn, dat ik tink, dat dizze muntsjes sjen litte dat Frisia yn de twadde helte fan de achtste iuw noch gjin diel útmakke fan it Karolingyske Ryk, sa as wol yn skiednisboeken stiet. Mei professor Hylkje de Jong fan de Vrije Universiteit prate ik oer de mooglikheid dat soksoarte fan sceatta's noch hieltiid bedoeld wêze kinne yn in kêst fan de Lex Frisionum (sirka 795 AD).

Lokkich is it muntsje wer goed te plak kaam. Der leinen op in stuit wol tsien heechlearde wittenskippers yn it healtsjuster te sykjen nei myn sceatta. Hylkje de Jong fûn it muntsje allergeloks wer werom! ●

¹ It geef Fryske wurd is eins 'ychelbaarch-sceatta'.

foarútsjen

Aginda

Hâld de aginda op ús webside (fryske-akademy.nl) yn 'e rekken en sjoch op ús sosjale media foar aktueel nijs oangeande aktiviteiten.

22 desimber 2025 -
2 jannewaris 2026

(krystfakânsje)

Gebou fan de Fryske Akademy is sletten

Meiwurkers dy't net mei fakânsje binne, binne gewoan berikber.

3 jannewaris 2026

Kollegetour n.o.f. it boek 'En toch willen we liever hier blijven' fan Tjitte de Vries

Organisearre troch it Genealogysk Wurkferbân. Fergees.

Tresoar, Ljouwert

5 jannewaris 2026

Fryske Akademy Nijjerslunch: Wolkom!

Fergees foar leden en stipers. Oanmelde oant 17 desimber fia fryske-akademy.nl/lunch.

Fryske Akademy, Ljouwert

16 jannewaris 2026

Lêzing en diskusje: 'Niet alles kan overal', mei Frits van der Schans (Centrum voor Landbouw en Milieu, CLM)

Organisearre troch it Lânboukundich Wurkferbân.

Fries Landbouwmuseum (Felling 6, 8912 CG Ljouwert)

23 jannewaris 2026

Lêzingen fan Johannes Boonstra en Paul ter Heyne

Organisearre troch de Wurkgroep Akademylêzingen.

't Haske yn De Jouwer & De Koperen Tuin yn Ljouwert

31 jannewaris 2026

Lêzing fan Martha van der Zwaag oer de famylje Pilat

Organisearre troch it Genealogysk Wurkferbân. Fergees.

Tresoar, Ljouwert

3 febrewaris 2026

Lêzing fan Marco Bakker oer feanûntginningen (begjin fan de jiertelling)

Organisearre troch it Archeologysk Wurkferbân.

Tresoar, Ljouwert

6 febrewaris 2026

Oraasje prof. dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm FSA.

Fan 16:15 oant 17:00 oere. Online by te wenjen fia rug.nl/digitale-oratie.

Ryksuniversiteit Grins

20 febrewaris 2026

Lêzing en diskusje: 'De historie van het Fries Veenweide-gebied, (ca. 1600-1970)', mei Mark Raat (promovendus Fryske Akademy)

Organisearre troch it Lânboukundich Wurkferbân.

Fries Landbouwmuseum

7 maart 2026

Lêzing fan Jan Auke Walburg oer 'Friezen op zee. De Gouden eeuw van de koopvaardij in Friese steden en dorpen'

Mienskiplike gearkomste fan de NGV en de Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy. Fergees.

Tresoar, Ljouwert

10 maart 2026

Lêzingen Mart van Lieburg en Han Nijdam

Organisearre troch de Wurkgroep Akademylêzingen.

't Haske yn De Jouwer & De Koperen Tuin yn Ljouwert

27 maart 2026

Symposium 'Alle hens op 't dek! It deistige libben fan de Fryske seefarders: oan board en op de wâl'

Organisearre troch de Wurkgroep Maritime Skiednis.

De Koperen Tún, Ljouwert

4 april 2026

Presintaasje fan it 75e Genealogysk Jierboek

Organisearre troch it Genealogysk Wurkferbân. Fergees.

Tresoar, Ljouwert

16 april 2026

Workshop ierdewurk determinearje troch Amy Kuiper

Organisearre troch it Archeologysk Wurkferbân.

Tresoar, Ljouwert

30 mei 2026

Ekskurzje nei de Veenweide Innovatie Polder: oer de effektiviteit fan ferwiettingsmaatregels en in rendabele bedriuwsfiering

Organisearre troch it Lânboukundich Wurkferbân.

Hegewarren 15, Oudega (S)



Noflike feestdagen en folle lok en seine foar 2026!

Direksje en meiwurkers, Fryske Akademy

